

Liuwe H. Westra, lêzing foar it Fries Godgeleerd Gezelschap 4 septimber 2015

### **Kin in gemeente libje sûnder tsjerketsjinst?**

Lit my begjinne mei in gedicht fan Jan Piebenga (ûnderwizer, sjoernalist en literator; 1910-1965), út 'e bondel *Waerglê's* fan 1938. De titel fan it gedicht is (yn 'e stavering fan foar 1946, lykas it hiele gedicht): Jountsjerke.

Den komme de minsken yn dimmene klean  
 En rinne bidachtsum it tsjerkepaed op.  
 In stikmannich bliuwe noch eefkes dêr stean  
 En ergerje hjar oan 't geflean en gerop  
 Fen 't keppeltsje jonges, as altyd oerstjûr.  
 De koster, as altyd, is ek wer breinroer.

De klokken ha let en de minsken gean yn.  
 Ald wyfke forhaestet yet efkes hjar stap.  
 Hja is al hwet wirch en hja hat yn 'e wyn.  
 Mar, dûmny dy preket jûn wis wol wer knap,  
 En scoe hja forsitte, nou't hja noch wol kin?  
 Gjin moeite is tofolle for 't ivich gewin.

Op 't tsjerkhôf is alles wer skymrich en stil.  
 De hage dêr hingje hwet fytsen tsjinoan.  
 De doarren gean ticht en it liket ef scil  
 De dei sa forstjerre; mar swier klinkt de toan  
 Fen 't oargel en 't sjongen set plechtich út ein.  
 It lûd driuwt omheech en it rouwe wirdt rein.

Den swijt ek dit liet en de stiltme is great,  
 De hannen binn' gear en de hollen foaroer.  
 De wrâld is sa fier en ta weismiten keard,  
 Hwer oars scil men gean as ta 't Ivich Bistjûr?  
 Den stiet ek de preker dêr, ernstich en fier,  
 It Wird klinkt de tsjerke troch, steatlik en swier.

De lêste rigel fan 'e twadde strofe bleau by my heakjen nei oanlieding fan in opmerking fan ús lid Theo Korteweg yn 'e diskusje yn 'e maaiegearkomste, dy't ús derop wiisde dat der yn ien of twa ginneraasjes in omslach plakfûn hat yn it leauwen fan 'e measte minsken dy't har noch ferbûn fiele mei of sels diel fan 'e kristlike tredysje: foarhinne seach men noch it belang fan it leauwe foar it sieleheil, tsjintwurdich spilet dy tins eins foar net ien in rol mear. As it oars is moatte jim it sizze, mar in âld wyfke as yn Piebenga syn gedicht dat dochs mar nei tsjerke ta giet, al hoe min oft se ek op 'e gong is, omdat se it 'ivich gewin' net ferspylje wol, bin ik yn myn pastorale praktyk net mear tsjinkommen, en de kâns dat ik har noch tsjinkomme sil, achtsje ik net grut. Fjouwerhûndert jier nei it wykalkjen fan 'e fresko's mei it lêste oardiel yn 'e koer fan 'e measte tsjerken, is ek yn 'e measte hollen dy foarstelling weiwurden.

Myn ferhaal fan fan 'e moarn hat wittenskiplik, bin 'k bang, net safolle om 'e hakken. It is mear in besykjen om in bytsje systematysk troch te tinken wat ik op dit stuit oan tindinzen en ûntjouwings om my hinne sjoch, net yn it lêste plak ek yn myn eigen gemeenten. Dat it kin ek wêze, dat it byld dêrtroch fertekene is.

## feroarjende wurdearring fan it tsjerkegean

Niiskrekt haw ik oantsjut, dat de tsjerkegonger dy't út noed mei it eigen sieleheil nei de preek ta reizget, fierhinne in figuer út it ferline wurden is. Ik leau ek net, dat wy dêr teologysk in hiele protte tsjinyn te lizzen hawwe. Alleast, ik soe gjin domenys hjir yn Fryslân mear witte, dy't lûdop sizze dat minsken it hellefjoer riskearje as se te min yn tsjerke komme. Ik wit net wat earst of lêst is - dat soe wol in nijsgjirrige stúdzje wêze, en mooglik is dêr ek ûndersyk nei dien, ik wit dat net - mar yn alle gefallen hawwe de teology fan 'e foargongers en de teology fan 'e gemeenteleden har deselde kant út beweegd. Dêrmei wol ik net sein hawwe, dat it leauwen oan in himel en in hel hielendal fuort binne, of gjin wearde mear hawwe soene. Mar it ferbân tusken dy twa, de einbestimming fan in yndividúeel minske, en it tsjerklik meilibjen sa't dat op sneintemoarn bliken docht út liturgyske partisipaasje - dat ferbân is op syn bêst tige yndirekt wurden. En noch in kear: dêr binne wy it neffens my ek allegear wol mei iens.

It aparte is, dat gemeenteleden, benammen fan de âldere ginneraasje, noch wol hiel bot hechtsje oan it tsjerkegean. Ik tink dat wy allegear ek wol de ferhalen kenne fan 'e tiid dat de jongerein him foar it earst iepentlik fersette tsjin it ferplichte tsjerkegean op sneintemoarn. Ik kin it byld noch wol foar my krije hoe't yn Tsjom yn 'e middeistsjinst in stik of wat jonges yn 'e brommerridende leeftyd mei spikerpakken en lang hier op 'e kreaake sieten, of oars op 'e efterste bank, yn 'e klassike poaze: de earms oerinoar op 'e bank, en de holle op 'e earms. Se sieten gewoan te sliepen.

Sa no en dan hear ik noch wolris gemeenteleden dy't oer dat ferskynsel op 'e tekst komme. Dêrby falle my dan twa dingen op. Alderearst: it ferbale en soms sels fysike geweld dêr't in jongere ginneraasje mei nei tsjerke ta twongen waard, wurdt algemien feroardiele. 'Jo hiene de hel al yn foardat jo ûnderweis nei tsjerke wiene,' sa wurdt it dan treffend omskreaun. Dat is ek meast de reden dat heiten en memmen de striid oerjoegen. Sy woene sa net mear. Mar ik hear nea ien sizzen, dat it gjin doel hat om minsken tsjin 't sin yn tsjerke te krijen, en dêr dan mar de roes fan sneontejûn útsliepe te litten. En dêryn sit neffens my in diskrepânsje tusken beropstéologen en gemeenteleden. Elk fan ús sil dochs fine, dat de lju mei in beskate positive motivaasje yn 'e bank sitte moatte, dielnimme moatte oan 'e liturgy, oars jout it sjongen en it bidden en ek it preekjen hielendal neat. De tsjinst foarûnderstelt in mienskiplik projekt fan de hiele gemeente, ynklusyf foargonger - dêryn passe gjin minsken dy't net meidogge. Fansels, men moat as foargonger jins bêst dwaan om it omtinken te krijen en fêst te hâlden, it moat net te saai wêze, de lieten moatte te sjongen wêze, de lju moatte in bytsje noflik sitte, jo moatte as gemeente en as foargonger wol war dwaan om de minsken foar de liturgy te winnen. Mar minsken dy't net meidwaan wolle, dêroer neitocht hawwe, en har ôfslute foar alle protreptyk - dy kin men der better net by hawwe as al.

It aparte is net allinnich dat ik dat besef eins nea hear út 'e mûle fan gemeenteleden. It is sels oarsom: de ferhalen oer de oanwêzigheid fan sliepende jongerein yn tsjerke waarden en wurde steefêst ôfsluten mei it sechje: 'Mar dan wiene se der dochs!' Mei oare wurden: ek as it proses om it safier te krijen negatyf wie, waard it risseltaat dochs noch posityf wurdearre. En as der in menier bestean soe, om sûnder lulk wurden en argewaasje dochs jonge minsken sûnder dat se it wolle yn tsjerke te krijen, dan soene de tsjerken sels yn 2015 gâns foller wêze. Minsken dy't by tsjerke belutsen binne, fine it tsjerkegean belangryk - meskien wol it alderbelangrykste skaaimerke fan it gemeentewêzen. Oare *notae ecclesiae* heart men de minsken net oer - eins allinnich oer tsjerkegean, en heechút yn 'e marzje oer kategisaasje en foarmingswurk. It is krekt as rint der in hiele grutte skuor dwers troch alle gemeenten hinne: oan 'e iene kant de minsken dy't sizze, dat jo skoan leauwe kinne sûnder de tsjerke, en oan 'e oare kant de minsken dy't it neat skele kin oft ien leaut of net, as hy of sy mar yn tsjerke sit. Ik wit dat ik oerdriu, mar soms liket it der wol op. Ik hear gjin âlden of pakes en beppes oer it ûngeloof fan bern en bernsbarn. Ik hear se allinnich oer it feit, dat se net nei tsjerke ta geane.

Ik hear dat net allinnich yn persoanlike petearen, ik sjoch dat ek oan in pear tindinzen. Alderearst falt my op, dat tsjerkerieden har hieltiten mear begjinne te hâlden en te dragen as kommisjes dy't tsjinsten organisearje. Ik haw it ferskate kearen meimakke, dat de evaluaasje fan de

lêste tsjinsten, mei it foarútsjen nei de kommende tsjinsten (mei dêrby hieltyd tiid, plak, foargonger, sittende en eventúeel ruiljende amtsdragers, en fansels bykommende bysûnderheden) mear as de helt fan 'e gearkomstetiid fan in tsjerkeried yn beslach namen. De oare helt is dan foar it iepenjen, de oantekens, ynkommen stikken, eventúele ferhuzings en fansels it omfregjen. En by it omfregjen komme yn njoggen fan de tsien kear punten nei foaren, dy't streekrocht te krijen hawwe mei de tsjinst. En alle kearen hâld ik my de lea wurch, dat der net ien begjint oer hokker kategoryen oft al of net yn 'e beneaming komme moatte foar de blommen. As der in lêste oardiel is, dan hat de persoan dy't foar it earst de liturgyske blommegroet ynfierd hat, dêr wat út te lizzen.

In twadde observaasje is, dat alle inisjativen om it gemeentelibben te fersterkjen of nije foarmen te bieden, yn 'e praktyk mei tsjerketsjinsten te krijen hawwe. Fansels, dat hawwe wy sa net leard yn 'e oplieding, en ek de misjonêre ideeën en proefplakken fan de Protestantse Tsjerke binne folle breder, mar yn 'e praktyk fan 'e pleatslike gemeente komt it del op plannen en eksperiminten om minsken sneins yn 'e tsjerke te krijen. It boek *Verbindend vieren*, dêr't ús lid Reinder Reitsma it ôfrûne jier in skôging oer holden hat, jout wat dat oanbelanget alles oan. Alle mooglike foarmen út 'e trije grutte kristlike tredysjes moatte beskikber wêze om foar ien oere in folslein nij liturgysk keunstwurk gear te stallen, dat hielendal foarmjûn is om ferlet of fragen fan in diel fan 'e gemeente syn gerak te jaan. De beskreaune foarbylden binne ek werklik keunstwurken - mar sa't Reinder al oanjoech, alle sneinen kin men sa'n operaasje net oan, of men soe mei in profesjoneel team en gâns jildmiddels in gemeente fan 1000 sielen betsjinje kinne moatte.

In tredenien, en dêrmei gean ik oer nei it folgjende part fan myn skôging, is dat ik op dit stuit benammen op 'e Fryske Klaai en yn 'e Súdwesthoeke barren sjoch, dat gemeenten net mear de mooglikheid hawwe om alle wiken of sels ien kear yn 'e fjirtjin dagen in tsjerketsjinst te hâlden. Der binne gemeenten, en dy tinke der serieuus oer, om op te hâlden mei it hâlden fan tsjinsten. Dêr wol ik dalik dus op fierder gean, mar earst wol ik sinjlearje: yn it bewustwêzen fan de gemeente sels en ek fan it doarp deromhinne, betsjut sa'n stap automatysk it opheffen fan de tsjerklike gemeente. Doch it jild mar yn in stifting, of meitsje it op, ferkeapje de tsjerke, en de lêste docht it ljocht út. Oftewol: gjin tsjinsten mear, dan ek gjin gemeente mear. Sa't ik in kollega fertellen hearde oer in útspraak fan de tsjerkerintmasters: 'Domeny, hoe lang moatte jo noch? Kinne jo net in pear jier earder stopje? Dan jouwe wy jo safolle jild mei, en wy hâlde op.' Wêrom? Omdat der gjin minsken mear binne dy't yn 'e tsjinst komme, en ek omdat der gjin minsken mear binne dy't as tsjerkeried tsjinsten organisearje wolle. Noch in kear: ik sis net dat it sa moat, ik sis net dat it sa goed is, mar ik sjoch al dat dit de riddenearring is dy't de measte tsjerkeriedsleden dy't yn sa'n sitewaasje bedarje, folgje.

### it útstjerren fan de tsjerketsjinst?

Wy witte allegear fansels skoan, dat der foarhinne mear minsken op sneintemoarn nei tsjerke ta reizgen as langer hjoeddedei. Doe't ik begûn yn Lollum en yn Burchwert, sieten der yn Lollum altyd wol 100 en ek wol 120 minsken yn tsjerke, en yn Burchwert in lytse 40. Fan oerlevering ken ik noch wol hegere oantallen. Oant en mei de jierren '70 yn Lollum noch twa aparte tsjerken, mei yn 'e iene in 100, en yn 'e oare in 400 minsken. Yn Burchwert in 200. Mar goed, dat hie ik sels al net mear meimakke. De tallen dy't ik yn it begjin fûn, begûnen wol rillegau te sakjen, mar op in gegeven stuit hie ik it gefoel, dat it sakjen stadiger begûn te gean, en dat wy wolris, wat wy doe gauris seine, 'op 'e boaiem fan 'e put' oankommen wiene. Dat gefoel hat ek op mear plakken libbe. Dêrmei oerien kaam in konklúzje fan it Sintraal Buro foar de Statistyk (CBS) út 2009, dat it proses fan ûnttsjerkliking stagnearre.

Dat hie fansels tige moai west, mar de werklikheid is dochs oars. Yn 'e bondel *Ontkerkelijking, nou en ...?* stiet in artikel fan Jos Becker fan it Sosjaal en Kultureel Planburo (SCP), dat sjen lit, dat dy stagnaasje mar skyn is, en feroarsake wurden is troch in ferskil yn fraachstelling op twa mominten yn 'e tiid. It SCP hat sis mar de oarspronklike fraach wer steld, en komt ta de konklúzje dat de ûnttsjerkliking net allinnich trochgiet, mar sels hurder liket te gean.<sup>1</sup>

1 Jos Becker, 'Metten, weten en ontkerkelijking', yn *Ontkerkelijking, nou en ...?* (temanûmer *Religie en samenleving*

Dat is ek wat ik op dit stuit om my hinne waarnim. Ferline jier sieten der yn 'e Lollumer tsjerke op in trochdewykse snein altyd noch wol 40 minsken; tsjintwurdich begjint it tal gauris ûnder de 30 út te kommen. Yn Burchwert is de sitewaasje noch dramatysker: as der 20 minsken binne, wurdt praat oer in goedbesochte tsjinst, binne der 15, dan binne wy lang net ûntefreden, en by 10 begjinne wy in bytsje soarchlik te sjen. It is no al in pear kear bard, dat twa âlderlingen, twa diakens en de foargonger de tsjerke yn stoepen, en dat dêr dan ek noch ris in kear fiif minsken sieten. No't wy dat in pear kear hân hawwe, fernim ik dat der in hiele nije dynamyk begjint te wurkjen. As der 20 of 15 minsken by in tsjinst binne, kin men sizze dat de tsjinst noch 'wurket'. Mar as der 10 binne, of minder, dan fiele de minsken har dêr net mear noflik by. Der komme gefoelens boppe fan 'wat dogge wy hjir' en 'wêr binne wy eins mei oan 'e gong'. It is fansels ek absurd, dat der soms minder minsken yn tsjerke sitte, as dat der tsjerkeriedsleden binne. En sa komme wy op in punt, dat wy mei elkoar ta de konklúzje komme: dit wol sa net mear. Fan 2016 ôf hâlde wy yn Burchwert noch mar ien kear yn 'e 14 dagen tsjinst. Net omdat der gjin foargonger is of omdat dy dield wurde moat mei tefolle oare plakken, net omdat it om 'e sinten net kin, mar omdat der gjin minsken mear binne. En de gemeente fan Burchwert, Hartwert en Hichtum is dêryn net unyk.

Iksels kin net oars as ta de konklúzje komme, dat de minsken net mear nei tsjerketsjinsten ta wolle. As der 100 gemeenteleden binne, en dêrfan sitte 10 yn tsjerke, dan is it foar dy 90 oaren net allinnich in spultsje fan tefolle oare dingen, net mear alle sneinen fêstsitte wolle, in kear útsliepe moatte, neam it allegear mar op. De gemeente wol gewoan net mear, op in hiele lytse minderheid nei. En dy minderheid sjocht it aansen ek net mear sitten.

No is it aparte, dat der tagelyk mei de tindins fan de ûnttsjerkliking al jierren sein wurdt, dat de minsken net mear of minder leauwe as eartiids. Dat makket it nammerste nijsgjirriger om de fraach te stellen, wêrom oft se dan net mear nei tsjerke ta geane, want de tsjinsten binne der by einsluten dochs, om útdrukking of stal te jaan oan jins leauwe.

Yn in resint nûmer fan *Woord en Dienst* stiet in artikel fan Harm Dane, dy't derfoar warskôget dat de domeny gefaar rint opsletten te reitsjen yn 'e ferieningsstruktuer fan 'e tsjerke: 'Dominee gevangen in verenigingsstructuur'. Neffens him leit it wichtichste part fan it domenywurk aansen bûten de reguliere tsjinsten, en moat der in beskate loskeppeling komme tusken pleatslike gemeente en domeny. Neffens my hat er gelyk, dat de pleatslike gemeente sa't wy dy kenne, nettsjinsteande alle ekklesiologyske idéalen, yn 'e praktyk en ek yn it belibjen fan de gemeenteleden, in soarte fan feriening is, sa't dy der ek binne op oar mêd, lykas sport, mienskiplik belang of maatskiplik doel. Binnen dy feriening komt hieltiten minder wurk. Dat docht net allinnich bliken út in ôfnimmend tal besikers fan tsjerketsjinsten, en by einsluten ek in ôfnimmend tal tsjinsten sels. Dat hat der ek mei te krijen, dat de tradisjonele figuer fan 'e domeny wat langer wat mear apart komt te stean yn 'e maatskippij. Yn 'e selde bondel *Ontkerkelijking, nou en ...?* stiet ek in artikel fan Hans Schilderman, dy't fan 'e figuer fan 'e geastlike fersoarger yn in ynstelling sjen lit, dat dy hieltiten mear ûnder druk komt, omdat hy of sy de oansluting mei gongbere maatskiplike beroppen en belangen mist. De mienskip begrypt net mear wat in domeny docht, der binne gjin minsken of groepen dy't har werklik hurd meitsje foar syn of har wurksomheden, en hy of sy sels hat der hieltid mear muoite mei om dúdlik te meitsjen, wat it eigene is fan it berop.<sup>2</sup> Yn wêzen slút dat prachtich oan by wat Gerben Heitink yn syn *Biografie van de dominee* sjen lit: as de maatskippij feroaret, feroaret it wurk fan de domeny mei. Der sit in dúdlike dynamyk yn it wurk en de figuer fan 'e foargonger, en dy dynamyk is foar in grut part ekstern beskaat. En as de omjouwing op ien of oare manier gjin emploai mear foar it geastlik amt sjocht, dan ferdwynt it.

Soe datselde ek net jilde kinne foar de tsjerketsjinst, en mooglik sels de tsjerklike gemeente? Ik haw it gefoel, dat net allinnich de domeny, mar ek de pleatslike gemeente finzen sit yn 'e troch Harm Dane neamde ferieningsstruktuer. Yn 'e 19de ieu kaam it ferieningswêzen op. Alderearst omdat minsken de tiid krigen om har yn ferienings te jaan, as ik it goed sjoch troch yndustrialisaasje en kolonialisme. Oant en mei de 18de ieu hiene de measte minsken de hiele dei, salang as se wekker

8, 2013), 27-40. It blêd *Religie en samenleving* is in inisjatyf fan âld-Akademydirekteur Lammert Jansma.

2 Hans Schilderman, 'Geestelijke verzorging als casus van ontkerkelijking', *ibidem* 205-225.

wiene, wurk om itende en drinkende te bliuwen. Yn 'e 19de ieu krije se it oan tiid, om jûns nei it Nut, nei de sang of de mesyk, of fansels nei de dam- of skaakklub. Dat is in foarm fan lúkse. Tagelyk krijt dat ferieningslibben de funksje fan in mooglikheid ta foarming en emansipaasje. It makket it mooglik om politike partijen op te rjochtsjen - net om 'e nocht begûn as kiesferienings - en oare klubs dy't in beskaat geastlik of materieel belang ferdigenje. De tsjerken geane yn dy ûntjouwing mei. De Griffomearde Tsjerken hawwe dêr altyd it dúdlikst yn west. In moai foarbyld fyn ik noch altyd, dat op 'e plakken mei doléânsjetsjerken altyd neist de pleatslike tsjerke in 'vereniging van kerkelijke kas' of sa oprjochte waard - oan 'e iene kant in eksakte wjergader fan 'e Herfoarme tsjerkefâdijen njonken de tsjerkerieden, oan 'e oare kant hielendal neffens de foarm fan 'e tiid fan doe: in feriening. En dy grutte tallen tsjerkegongers dy't ús allegear noch in bytsje yn 'e genen sitte, koene wolris net weromgean op in ûnferbrutsen tredysje fan fiif of sels 20 ieuwen of mear, mar it soe ek wolris sa wêze kinne, dat dy folle tsjerken in produkt binne fan de nije rol as ferienings dy't de tsjerken yn it lêst fan 'e 19de ieu súksesfol oannamen.

It soe de muoite wurdich wêze, en faaks is it ek al in kear dien wurden - en ik jou earlik ta, dat ik soks eins foar dizze wurksumheid sels útsykje moatten hie - om de skiednis fan de tsjerketsjinst en dy fan 'e gemeente as organisaasje foarm in kear op in rychje te setten, mei dêrnjonken de sis mar oerienkomstige foarmen dy't de maatskippij yn dyselde tiid oanrikt. Sa hat Theo Korteweg der alris foar pleite om teminsten de mienskippen dêr't Paulus syn brieven oan skriuwt te ynterpretearjen as in antike *philosophia*: in lytse mienskip fan learlingen om in master hinne, dy't him ûnderskiedt troch in mienskiplike wize fan libjen. Dy foarm bestie al, en de jonge tsjerke paste him dêrby oan. It soe ek de muoite wurdich wêze om út te sykjen - mar ik betwivelje sterk oft dêr boarnen foar binne - hoe't de midsieuske parochys hjir yn 'e Fryske lannen organisearre wiene. En dêrby moatte wy net ferjitte, dat wy it dan hawwe oer in tiidrak fan seis of sân ieuwen, dêr't grif ek de nedige feroarings yn plakfûn hawwe. Alle doarpen en doarpkes krigen in tsjerke. Mar wat barde der yn dy tsjerken? Hoefolle minsken stiene - se sieten yn alle gefallen noch net! - dêr sneintemoarns of troch de wike? Of wiene dy tsjerken der foaral ta it doel dat de pryster dêr in misse lêze koe, en kaam it tsjerkefolk allinnich foar in pear feesten? Krektsa is de omslach yn 'e 19de ieu fan in protestantse tsjerke as ferlingstik fan de oerheid nei in partikuliere feriening noch wolris it trochtinken wurdich. Der hat in tiid west, dat it âld wyfke fan Jan Piebenga jong wie. Sy wie lid fan in feriening ta befoardering fan it sieleheil. Mar wat die har beppe, of dy har beppe? As dy al nei tsjerke ta gong, wêrom dan?

As wy wer nei hjoeddedei ta geane, dan witte wy allegear dat de ferienings it dreech hawwe, en dat se yn wêzen net mear passe by de tiid fan no. Minsken wolle net mear lid wêze fan in feriening, op in inkeldenien nei. De sifers fan it ferieningslibben lykje in protte op dy fan 'e tsjerklike belutsenheid, en der binne al ûntelbere ferienings opdoekt. Ik haw wolris it gefoel, dat de tsjerke him op 'en nij útfine moat, en de hiele idee fan in feriening mei in ledebestân en in bestjoer en in tal aktiviteiten, mei dêrby de tsjerketsjinst fansels as wichtichste, falle litte. It is net dat de minsken net mear nei tsjerke ta wolle, mar se wolle net mear by in feriening. En se dogge dat net omdat se dêr hiel bot oer neitocht hawwe, mar se dogge dat omdat de foarm fan de feriening net mear past by de geast fan de tiid fan no.

### **alternativen?**

De fraach is fansels, hoe't de tsjerke der dan de kommende tiid út komme moat te sjen. It liket derop, dat de tiid ús dêr al de nedige oanwizings ta jout. Lichte, fleksibele groepkes, *community light* sa't Beekman skriuwt, losse en wikseljende ferbannen. Minsken wolle har net bine, en litte har dus ek net bine.

De fraach is dan wol, oft men dan noch sprekke kin fan in gemeente. Kin in tsjerklike mienskip bestean sûnder moeting? Jins yntuysje seit fan net. Mar hoe soe dy moeting der dan út sjen moatte? Wat is it minimum tal minsken om sa'n moeting slagje te litten? En wat moat dêr al en net barre, dat it ek ynhâldlik noch wat mei it Evangeelje út te stean hat?

Trije mooglike alternativen wol ik hjir yn alle gefallen beneame. Ien ding dat mooglik is, dat

tsjerklike gemeenten op ynsidintele basis tsjinsten organisearje, en dy dan hielendal tasnije op ien beskate doelgroep of om in stik fan 'e aktualiteit hinne. *Verbindend vieren*, en dan sis mar fjouwer kear yn it jier, en foar de rest de tsjerkedoar ticht litte. Utsoarte by in fersyk om in tsjerklike begraffenis of trouwerij. Nammers, dy tsjinsten begjinne hieltiten mear te lykjen op oefeningen yn frije ekspresje fan 'e famylje, en it wurdt hieltiten dreger foar jin as foargonger om der in illemint fan 'e klassike kristlike liturgy in plakje yn te jaan. De famylje sjocht himsels as produsint en regisseur tagelyk, en de foargonger is mar ien fan 'e akteurs. De minsken wolle it, dus it bart. De fraach dêrby is wol, oft der dan noch sokssawat as in tsjerklike mienskip oerbliuwt. Of wurdt it service-ynstitút de nije foarm fan tsjerklike mienskip? En hokker minsken binne dan fan dy mienskip lid?

In twadde mooglikheid is dy fan in fuortbestean fan in tsjerklike mienskip op 'e skaal fan 'e húskeamer. Foar profesjonele foargongers is dan fansels gjin plak mear. Folle yngripender is lykwols neffens my, dat de dynamyk fan in groepke fan acht of tsien minsken om 'e keamerstafel hiel oars is as in groep fan 20 of mear, dy't meiinoar yn in iepenbier tagonklik tsjerkegebou sitte. Wat betsjut it foar de liturgy, as dy yn 'e húskeamer fierd wurdt? Jo moatte yn alle gefallen net miene, dat as in groepke fan fyftjin minsken dat yn prinsipe graach meidocht oan in tsjerketsjinst, te minmachtich wurdt, dat dat groepke (of wat derfan oerbliuwt) automatysk wol fierdergiet as de tsjinsten ferskood wurde nei de húskeamer. Wat foar mienskip is in mienskip dy't syn aktiviteiten op húskeamerskaal hâldt?

As lêste: soms haw ik ek it idee dat ik troch de ûntjouwings yn dizze tiid de âlde tsjerke hieltyd better begjin te begripen. Der binne ek noch gemeenten mei tsjerketsjinsten dy't it noch wol eefkes folhâlde, mei in aardige ploech kategisanten, en mei ien of twa groepen fan minsken dy't op húskeamerskaal geregeldwei by elkoar komme om te praten oer de Bibel of it leauwe. Faak dogge minsken mar oan ien sa'n sirkwy mei. Of se geane nei tsjerke, of se komme op kategisaasje, of se sitte by in groep. De gemeente is yn feite fersplintere. It flokt mei hoe't wy leard hawwe dat it moat. Mar is dat werklik sa slim? Of soe it yn it âlde Rome krekt sa gien wêze: hjir en dêr groepkes, dy't meiinoar wol it fage besef hiene dat se de tsjerke fan Rome foarmen, mar net of hast net as sadanich allegear by elkoar kamen? En komt dêr it hammerjen op 'e figuer fan 'e biskop wei as garant fan 'e ienheid? Oeral kin doopt wurde, oeral kin it brea brutsen wurde - mar soargje dan, dat deselde biskop der wol altyd by is, omdat dy groepen oars hielendal neat mear meiinoar hawwe. En as dat medel op ien of oare manier ús foarlân wurdt, hoe soene wy dêr dan in bytsje reformatoarysk stal oan jaan moatte? In tsjerkeried dy't net mear bestiet út trije of fjouwer soarten amtsdragers, mar út fertsjintwurdigers fan alle groepen dy't meiinoar de gemeente foarmje?

Mienskip kin net sûnder moeting, dat soe ik al oerein hâlde wolle - just yn dizze tiid fan asosjale media en smertfoan. Ien moeting alle wiken, of mar sa út en troch yn it jier? Ien moeting foar alle leden fan 'e mienskip, of in bûnt ferskaat foar allegear lytse groepkes? Of freget de tiid om noch oare foarmen? Ik bin sa fier hinne, ik doar te akseptearjen dat de tsjerketsjinst sa't wy dy wend binne aansjen net mear bestiet. Ik leau fêst, dat der yn 'e tiid sa't dy no is oare menieren binne om meetings foar de mienskip dy't tsjerke hjit stal te jaan. En ik hoopje, dat it ús slagje sil om dy te finen.